


De paradox fan Roger Casement

Aleksandar Mishevski



Oersetting: Jantsje Post

oarewurden
||| ||

drugizborovi
||| ||

Co-funded by the
Creative Europe Programme
of the European Union




De paradox fan Roger Casement

Ik ken twa tragyske ferhalen yn de wrâld, it Ierske en it Masedoanyske.

Allebeide ûnderdrukt en martele.

Roger Casement

Iersk revolúsjonêr



Ynlieding

It is oktober 2015, San Sebastian of Donostia, sa't myn Baskyske freonen it neame. De stêd leit alderivichst moai oan de Atlantyske oseaan en is fol fan de frisse rook fan see en it ûnwjersteanbere mediterrane libben. It is al let yn 'e hjerst, mar dochs tilt it noch op fan de toeristen en op it strân sjoch ik mei niget nei de surfers dy't ride op de weagen. Op in gearkomst fan ferskillende organisaasjes út Europa dy't har dwaande hâlde mei minderheidstalen en literatuur, fernuverje ik my deroer dat der in oarenien is dy't wit (neist iksels útsoarte) dat de Macedoanyske taal, neist it Baskysk en it Iersk, ien fan de tsien âldste talen is dy't hjoeddedei praat wurdt. Wat letter ûntduts ik dat de Baskyske taal suver net brûkt wurdt yn San Sebastian en dat der mar in pear media binne dy't de taal hoedzje. Twa jier letter, doe't ik yn Dublin wie, ûntduts ik dat itselde sa'n bytsje jildt foar de Ierske taal. Der is Ierske tilevyzje en der binne spesjale programma's om de taal yn libben te hâlden.

Ditsoart problemen hawwe we yn Masedoanië net. As je wat hawwe, wurdearje je it yn 'e regel net genôch, wylst in eigen taal is fan ûnskatbere wearde en essinsjeel foar in lân. De yndrukken dy't ik opdien ha hawwe my in soad leard oer de ferskillen en de pear oerienkomsten dy't der hjoeddedei noch binne tusken ús. De tiid hat syn tol easke, safolle is dúdlik.

Ferskillen en oerienkomsten

Dublin, Ierlân, oktober 2017

In bekende útspraak Roger Casement, sûnder mis ien fan de wichtichste en opmerklikste figuren yn de striid van it Ierske folk foar frijheid en ûnôfhinklikheid, is de grutste ynspiraasje foar dit ûndersyk wurden. Dêr hoechde ik net lang oer te kedizen, sjoen myn belangstelling foar skiednis en polityk en de striid fan alle ûnderdrukte folken op 'e wrâld, benammen yn Europa. Los fan myn ûndersyk yn it ramt fan it projekt *Oare Wurden* wist ik dat de histoaryske parallellen fan de revolúsjonêre striid wierskynlik noch hieltyd bestean. Oan 'e oare kant haw ik miskien ûngelyk.

Wa wie Roger Casement en hoesa is er de skiednis yngien as Iersk frijheidsstrider? Ik haw in protte oer him leard fan de akteur en skriptscriuwer Diarmuid, dy't twa moanne yn Bitola sitten hat en my alles fertelde wat er wist oer de persoan en it krewearjen fan ien fan de ikoanen fan de Ierske ûnôfhinklikheidsstriid.

Roger Casement is berne yn Dublin, syn heit wie protestants, syn mem katolyk; hy krige in deeglike oplieding, kaam te wurkjen by it ministearje fan Bûtenlânske Saken en waard beneamd ta Britsk Konsul.

Dêrfoar die er yn Kongo ûndersyk nei it misbrûk troch de koloaniale machthawwers fan de pleatslike befolking yn Afrika. It sjen fan safolle ûnrjocht en misdieden wie nei alle gedachten de reden dat er net langer foar de Britse regearing wurkje woe, mar him ynsette foar de IRA troch jild en wapens te leverjen. Dat kaam him te stean op in oanklacht fan heechferried en koste him it libben. Hy waard oppakt troch soldaten fan it Feriene Keninkryk, waard ta de dea feroardiele en ophongen.

In rizige, kreaze man mei in aristokratyske útstrieling, in dichter en diplomaat, trochtaastend en rjocht troch see. Hy die my tinken oan Todor Alexandrov, de legindaryske en ek súksesfolste lieder yn de skiednis van de VMRO (Ynlânske Masedoanyske Revolúsjonêre Organisaasje). De oerienkomst tusken beide mannen is dat se allebeide betize rekken yn de konflikten fan harren tiid en dat se ek no noch yn de belangstelling steane. Roger wie homoseksueel, yn dy tiid fansels per definysje fertocht, en alhielendal foar in revolúsjonêr yn it begjin fan de tweintichste iuw.

Syn seksualiteit kaam ûnder krityk doe't nei syn eksekúsje syn deiboeken publisearre waarden ûnder de titel *Black Diaries*. Hy waard deaferve as in as in promiskuë homoskesuele jager. It doel wie fansels en set syn revolúsjonêre aktiviteiten en syn krewearjen foar de Ierske Republyk yn in kwea deiljocht. Dochs is Roger hjoeddedei in nasjonaal held yn de Ierske Republyk en net allinnich dêr, mar ek yn it part fan Ierlân dat ûnder Britske hearskippij bleau, Noard Ierlân. It is opmerklik dat yn de ferdielde stêd Belfast (benammen yn it westlike part) in protte graffiti en muorreskilderingen wijt binne oan Roger Casement. Der is in park dat nei him neamd is.

Ek sjochst der ek mear as libbensgrutte muorreskilderingen dy't de solidariteit fan de Ieren mei de Palestinen en harren striid om ûnôfhinklikheid ta útering bringe. En itselde jildt foar de Kataloaniërs en harren striid, en net te ferjittten de lieder fan de Koerdyske rebellen Abdullah Ocalan, dy't foar terrorisme feroardiele is.

Is de EU no sa tolerant foar publike stipe foar minsken dy't as terrorist te boek steane, of is Belfast in útsûndering? Is it in oase foar radikale polityk, fan ekstreem links oant oanhingers fan it sionisme? Ja, oarekant de muorre dy't de beide stridige mienskippen skiedt, waaide lang lyn al de Israëlyske flagge neist de Union Jack fan it Feriene Keningryk. In kwestje fan mei twa maten mjitte of frijheid fan mieningsúting, yn dyselde Uny dy't oars de mûle sa fol hat tsjin haatdragende taal en foar it respekt foar de rjochten fan de minsk en frijheid. Benammen as it giet om de tredde-wrâldlannen fan de teheistere Balkanregio, better bekend as it súdeasten fan Europa it. Ik koe der net rjocht achterkomme oft de protestanten of loyalisten (dy't in lytse mearderheid foarmje) yn Noard-Ierlân der oanstjit oan nimme of net. Wol wit ik dat de Titanic yn Ierlân boud en út Belfast wei fearn is, en dat it Titanic Museum ien fan de grutste attraksjes yn Belfast is. It museum sjocht derút as it skip dat sa'n needlottige reis makke, op in iisberch fear en sonk, mei as gefolch oantallen deaden en materiële skea dy't oan dan ta net earder fertoand wienen. Kin soks ek barre mei de EU? Benammen nei de Brexit? Sjoen nei de dûbele mjitte dêr't mei metten wurdt yn en troch de ferskillende lidsteaten yn de Uny, soe men sizze dat de EU, as it net op de non rinne sil, dochs fundamintiel feroarje moatte sil. Mar de kiezers yn alle lidsteaten sille demokratysk beslute yn de folgjende ferkiezings foar it Europeesk parlemint.

Neist alle goeds dat ik heard hie oer it karakter en foaral de fertsjinsten fan Roger Casement, haw ik yn Dublin ek sûnder mis de kâns hân om minsken te treffen dy't der hiel oars oer tochten. De grutste krityk kaam fan de linksen en de kommunisten, dy't him net ferjaan koenen dat er de ferkearde minsken fertroude, dy't nei de befrijing har macht yn de nije republyk misbrûkten troch tefolle macht oan de katholike tsjerke te jaan en it sosjale aspekt fan de revolúsje en de striid fan de arbeidersklasse foar bettere libbensomstannichheden fergeat.

Ik wie ferbjustere! Krekt sa tinke de oanhingers fan Ernesto Che Guevara (en oeral op 'e wrâld). Omdoch probearre ik út te lizzen dat Che Geuevara ferantwurdlik wie foar it deasjitten fan hunderden gefangenen en ek in pear fan syn kameraden, wat net neat is; Casement hat soks nooit dien. Wat ik ek sei, it joech neat, dochs koe ik my net stilhâlde. Om in man dy't syn karriêre en syn noflikke diplomatelibben opoffere hie foar de frijheid fan in ferdrukt folk sa te beskuldigjen, gong tsjin myn gefoel foar rjochtfeardigens yn. Ik begong oer Josip Broz Tito, de legindaryske lieder en libbenslang presidint van Joechoslavië as foarbiid fan in man dy't foar wolfeart soarge – mar wol mei beheinde frijheid en sûnder demokrasy, om oan te toanen dat neat yn 'e wrâld swart-wyt is, mar tagelyk realisearre ik my dat subtile nuânses net sichtber binne foar fanatisti.

It die my allegear tinken oan de mieningsferskillen oer de liederen en helden yn de ûnôfhinklikheidsstriid fan Masedoanië, fan de revolúsjonêre organisaasje dy't hiel wat kearen fan namme feroare is en it best bekend is as de VMRO . It hichtepunt fan dy striid wie nei de Earste Wrâldkriich ûnder liederskip fan Todor Alexandrov.

Oer him en syn aktiviteiten en ideology wurdt noch altyd wakker ûngelikens tocht, en foaral ek oer syn ein: de mysterieuze moard, dy't noch noait opheldere is, ek al kin men fan tinken wol ha dat der genôch minsken wienen dy't graach fan him ôf woenen. Om te begjinnen it keninklik hôf, syn Bulgaarske politike tsjinstanners, oant it Komintern yn Moskou en dan noch de misken dy't op syn posysje yn de organisaasje út wienen. Allergeloks is der hjoeddedei in monumint yn Masedoanië en in boulevard dy't nei him neamd is, en yn it buorlân Bulgarije, dat as útfalsbasis tsjinne foar de VMRO, strykt al langer mei de ear.

Casement kaam krekt út Dútslân wei doe't er arrestarre waard; de Earste Wrâldkriich wie oan 'e gong, en hy waard beskuldige fan kollaboraasje mei de Dútsers. Taffalich wie de VMRO tidens dy oarloch ek in bûnsgenoat fan Dútslân, dat harren in feriene, frij Masedoanië beloofde.

Elk dy't in bytsje iepen nei de wrâld sjen kin yn de 21^e ieuw, kin skoan begripe wêrom't Casement kontakt socht mei de fijannen fan it Feriene Keninkryk dat er oan dan ta trou tsjinne hie. Elk oar soe it heechferried neame. Spitigernôch is der net ien wierheid, benammen yn Europa fan no, dat ferdiel is tusken neo-liberalen en ultra nasjonalisten. It mei dúdlik wêze dat der noch noait safolle ferdielheid en ûnienichheid west hat tusken de politisi en de gewoane minsken sûnt de oprjochting fan de EU.

De grutste fertsjinst fan Roger Casement oant 1916 wie dat er yn Dútslân wapens regele hie foar de frijwilligers fan de IRA yn de Peaske Opstand, en dat er yn de Feriene Steaten jild ynsammele hie. As ik in filmskript skreau, soe ik der in skène yn skriuwe oer in moeting earne yn de Feriene Steaten tusken Roger Casement en minsken fan de Masedoanyske diaspora, de Masedoanyske

Patryottyske organisaasje, MPO, dy't doe al oprjochte wie, dêr't Casement dan hearre soe oer it tragyske lot dat de beide naasjes diele. Miskien dat er se moete hat yn Marseille, sa't in amateur histoarikus my sei – dy't my frege om dat feit hjir fral te neamen. Ja, it wie yn Marseille, Frankryk, dêr't de moardner fan de VMRO, Velichko Georgiev-Kerin, better bekend as Vlado Chernozemski (in bynamme dy't er sels betocht hat yn de striid foer in sûvereine, ûnôfhinklike en Masedoanyske steat) yn 1934 ien fan de bekendste politike moarden fan de 20^e iuw pleegde.

Syn slachtoffers wienen kening Aleksandar Karajordjevic en de Frânske minster fan Bûtenlânske Saken Louis Barth. Hjoeddedei is Vlado Chernozemski foar guon minsken in held en foar oaren in koelbloedige moardner. Roger Casement soe de VMRO finansjeel stipe hawwe foar de Masedoanyske befrijing, mar dêr haw ik noch gjin bewizen foar fûn.

De Masedoanyske paradox

De paradoks fan Masedoanië is dat it in oase fan frede wurde moatten hie doe't de oarlogen yn it eardere Joechoslavië yn 1991 begûnen en in foarbiel fan ûnôfhinklikheid, wylst it no ferskuord wurdt troch ynterne reboelje en ynterretynske konflikten.

It grutste tûkelteam foar Masedoanië is dat Grikelân dwerslei en de ûnôfhinklike steat Masedoanië net erkenne woe, wat ek gefolgen hie foar de integraasje yn de Euro-Atlantyske bûnsgenoatskippen. It siet fêst op de namme Masedoanië.

Grikelân wist syn bûnsgenoaten derfan te oertsjûgjen dat dy namme 'irredentistysk' is, en dus in kleem leit op it part fan Masedoanië dat sûnt de Balkan Oarlozen en it Fredesferdrach fan Boekarest yn 1913 ûnder Grikelân fâlt. Dat ferdrach is oars troch alle stridende partijen, behalve Masedoanië sels ûndertekene.

Fierder is de Masedoanyske naasje neffens de Griken in útfining fan Tito yn 1944, dy't dêrmei it Joechoslavië sa't it der op dat stuit hinne lei, útwreidzje woe mei Súd-Masedoanië, en dan wie it him fansels benammen te rêden om Thessaloniki en it kustgebiet.

Foar de Masedoaniërs is de namme in kwestje fan nasjonale idintiteit, dy't troch net ien ôfnommen wurde mei. En dan binne der, om de tizeboel noch grutter te meisjen, noch problemen mei de oare buorlju. Bulgarije ûntkent de Masedoanyske taal en it bestean fan de Masedoanyske naasje. Servië erkent de Masedoanysk Orthodoxe tsjerke net, ek al bestiet dy al in heale iuw, en wol hawwe dat de oprjochting fan dy tsjerke in 1967 tsjin it kannonieke rjocht yngiet. En dan wie der yn 2001 in militêr konflikt mei Albanië mei syn irredentistyske aspiraasjes om in Grut-Albanië te foarmjen.

De NAVO gearwurking tidens it bombardemint fan Servië

De EU en de FS binne fansels direkt ferantwurdlik foar de drege sitewaasje fan Masedoanië. Se hawwe neilitten om ynfloed op Grikelân út te oefenen om dat de aspiraasjes foar de Euro-Atlantyske yntegraasjes fan syn buorman opkeard hat, ek al hienen se genôch middels ta har beskikking.

Bygelyks mei de skuldekrisis yn Grikelân hienen se maklik druk op it regear yn Atene útoefenje kinnen en jou it irrasjonele probleem dat se sels út 'e tomme sûgd hienen op . Sadwaande hawwe se Masedoanië letterlik straft, en dat wylst it yn 1999 by de bombardemintenfan Servië gearwurke hie mei de NAVO en ek noch hûnderttûzenden Albaneeske flechtlingen út Kosovo opnommen hat. As beleaning krigen se allinnich mar moaie wurden, skouderklopkes en falske hoop op lidmaatskip fan de EU.

It hichtepunt fan skynhilligens en benammen ek de dûbelde mjitte fan de EU wie tidens in militêr konflikt doe't de Britse minister fan Bûtenlânske Saken fan de iene op de oare dei besleat dat de striders fan de paramilitêre Albaneeske UCK, it Kosovo Befrijingsleger, gjin terroisten mear wienen mar striders foar de minskerjochten, ek al hienen se fiif ferklearringen útgean litten dat se fan doel wienen Masedoanysk grûngebiet te anneksearjen om in Grut-Albanië te kreëarjen. It mei sa wêze dat de measte pleitbesoargers en stipers fan dy hypokrite polityk yn it Pentagon yn Washington te finen binne, mar de EU-burokraten yn Brussel spylje ek net swak by.

Masedoanië no, hoe't it lân derhinne leit

Bitola 2018

De Prespa-oerienkomst tusken Masedoanië en Grikelân is ûndertekene troch de ministers fan Bûtenlânske Saken en net troch de presidinten fan beide lannen, sa't neffens de grûnwet moatte soe om jildich te wêzen. Dat is foar it earst yn de wrâldskiednis, en it barde ûnder tasjoch fan de EU yn it grinsdoarpke Nivitsaon oan it Prespamar.

Mei dit barren is it bewustwêzen fan dizze âlde kontroverse allinnich mar wer mear opnij opikkere (en wa is him mear bewust freegje ik my ôf) en ek it is ek in befêstiging fan de algemiene miening ûnder politisi, yntellektuelen en minskerjochteaktivisten yn Masedoanië en Europa. Der is suver gjin protest kommen oer it prinsipiële rjocht fan alle minsken op in eigen idintiteit en op selsbeskikking, of oer it feit dat dat mei geweld en sjantaazje ûntkend wurdt. En dat wylst it oer mear giet as in nije namme foar in steat – mei de tafoeging fan it wurd ‘Noardelik’ – en dêrmei ek alle ynstituten dy’t dy namme hawwe. Ik oerdreau net as ik bewear dat dit in nije genoside op it Masedoanyske folk ynhâldt. De foarige flak wie nei de Twadde Wrâldkriich tidens de boargeroarloch yn Grikelân fan 1945 oant 1949: doe’t de partisanen ferslein wienen, waard sawat in heal miljoen minsken dy’t de kant fan de ferliezers keazen hienen, it lân útset waard. It wienen meast Masedoaniërs en de oerwinners waarden oan alle kanten stipe troch de Britse en Amearikaanse bommewerpers, dy’t letterlik de bergen yn it Egeyske part fan Masedoanië ôfbaarnden. It wie foar it earst, fier foar Vietnam, dat nampalmbommen brûkt waarden, mar der binne yn it hjoeddeiske demokratyske Europa net folle minsken dy’t weet hawwe fan dit stikje skiednis. As je de Grykse oerienkomst fergelykje mei dy mei Bulgarije, is de twadde gefaarliker foar de Masedoanyske nasjonale idintiteit as de earste. Mei ús earste buorman (Grikelân) hawwe we ôfstân dien fan ús idintiteit, en mei de twadde (Bulgarije) hawwe we de revyzje fan ús skiednis akseptearre en foaral fan de besetting troch Bulgarije. We sille ta de konklúzje komme dat der yn de Twadde Wrâldkriich gjin besetting west hat en dat der gjin fasjisten wienen en miskien sil de hiele striid fan de NOB (de partizanen fan it Masedoanyske Befrijingsleger) ferdwine út de nije skiednisboeken fan Noard-Masedoanië.

It referendum as heegste foarm fan demokrasy

Yn in normale steat wurdt de wil fan it folk oer in trochslachjaande kwestje bepaald troch in referendum. De Baskyske dichteres Ainara Maia ferdútste my dat op in positive manier: 'Jim hawwe gelok dat jim in referindum hâlde meie oer de nije namme fan jim steat, hjir yn Baskelân hawwe we dêr neat oer te sizzen.'

'Ús demokrasy is justjes fierder,' antwurde ik mei in kromke irony, en ik neamde ek noch de tolerânsje fan de Masedoanyske polysje tsjin demonstranten, ferlike mei dy fan harren Spaanske kollega's yn Kataloanië yn 'e snuorje fan it omstriden referindum dêr oer ûnôfhinklikheid. Ek koe ik it net litte en helje de Fryske skriuwer Jan oan. Om't in protte minsken derfan oerstjûge binne dat it referindum posityf is en der grif noch mear binne dy't tsjin stimme sille. It moast my fan it hert dat elk minske mei eargefoel en gewisse net boartsje lit mei syn idintiteit en noait in oerienkomst legitimearje sil sa't dy noch net earder fertoand is yn de skiednis fan it minskdom. Boppedat, foege ik ta, sitte der hiaten yn it referindum en is it allinnich mar riedjouwend, en dus is de útkomst net jildich. Wat mear as se besochten om my te oerstjûgjen dat it oars siet, wat mear as ik yn fjoer rekke. Dat ik gelyk hie, bliek net folle letter, doe't sa'n 30 prosint fan de Massedoaniërs foar de oerienkomst stimd hie en ús liepe minsterpresidint myn miening befêstige dat hy allinnich de miening fan it folk mar hearre woe en de úteinlike beslissing troch it parlemint makke wurdt. Nei alle gedachten sjocht hy it folk als in legere soart, minsken dy't sels net wit wat goed foar harren is en tinkt er dat de besluten nommen wurde moatte troch de keazen fertsjintwurdigers. Jan kaam der letter op werom dat syn namme Jan Minno is, wylst ik toch hie dat it bêst wie as ik him Jan neamde.

Mar nee, dy idintiteit is fan belang, en by de ferkearde namme neamd wurde docht sear, yndividueel likegoed as nasjonaal. Ik hoopje dat hy en de oaren begripe wat ik bedoel, als se dizze rigels lêze, foardat se klearsteane mei in oardiel oer immen dy't se net goed genôch kinne.

Epilooch

Om de oerienkomst te implimintearjen moast der in wiziging fan de grûnwet komme, en om dat foarinoar te krijen binne der wetten, beskavingsnoarmen en demokratyske ferwurvenheden skeind. Om de nedige twa tredde mearderheid, of 80 fan de Masedoanyske parlemintariërs te krijen, waarden der parlemintariërs omkocht, sjantearde en sels kidnapped. En dat is fansels allegear foar ús eigen goederbêst, dy frede en wolfeart dêr't we al 28 jier op wachtsje. Wat it takomstige lidmaatskip fan de NAVO oanbelanget, sil dat frede bringe? Want dat is ien fan de wichtichste arguminten, lykas de by de oarloch foar frede yn Irak of Afghanistan – dêr 't Masedoanyske soldaten yn meifochten oan de kant fan de koalysje ûnder oanfiering fan de Feriene Steaten, wylst sûvereine steaten as Grikelân of Bulgarijê wegeren om mei te dwaan, ek al binne se lid fan de NAVO en ek al gie it om in fredesmissy. Oer dûbele mjitte sprutsen. Mar yn ús gefal giet it op syn minst om trijedûbelde of noch mear mjitten, net allinnich wat de term demokrasy oanbelanget, mar alle fundatmintielee behoeften fan minsken, yn watfoar systeem of maatskippij as we ek wenje.

Yn hokker hokje soenen Casement en Alexandrov hjoeddetei pleatst wurde neffens de Europeeske polityk korrekte noarmen? Soenen se sjoen wurde as striders foar frijheid, demokrasy en gerjochtichheid, of as terroristen?

Roger soe no wierskynlik fersachtsjende omstannicheden hawwe as homosksueel, en om earlik te wêzen, ik tink net dat Todor de Brusselse democraten goed fan pas komme soe. Dy 'progessive' minsken, d.w.s. deselden dy't de besluten nimme foar alle oaren, soenen it net op him stean hawwe. Apartheid dat is de term dy't brûkt wurdt foar diskriminaasje fan de mearderheid troch de minderheid. Dit ferdrach is ien fan de seldsume dokuminten dy't begongen yn ien lân en ôfmakke yn in oar lân, en hoewol't Masedoanië bekend is as in lân fan sinne, waarm waar en hjitte simmers, sil it noait Noard wurde, yn alle gefallen net foar de Masedoaniërs of foar rjochtfeardich tinkende minsken oeral op de wrâld.